

Mei elkoar fierder.

Met elkaar verder.

FERKIEZINGSPROGRAMMA 2026

Publyksferzy (Frysk)



WAADHOEKE

FOARWURD

Polityk is foar my gjin doel op himsels. Ik doch dit wurk omdat ik leau yn minsken en yn wat wy mei-inoar betsjutte kinne. Minsken libje net op harsels, mar mei-inoar. Dat bart yn húshâlding, doarp en wyk, op plakken dêr't je inoar kenne en inoar tsjinkomme.

Yn Waadhoeke sjogge we dat alle dagen. Yn tsjerke, dêr't minsken nei inoar omsjogge. By de fuotbalklub, dêr't jong en âld by elkoar komme en dêr't frijwilligers it ferskil meitsje. By it muzykkorps, dêr't mei-inoar oefenjen soarget foar wille en ferbining. Dat is de mienskip. Dêr leare wy foar elkoar te soargjen. Dêr binne wy thús.

Dizze wize fan sjen sjoch ik ek yn it tinken fan Henri Bontenbal, sa't er dat beskriuwt yn syn boek 'Het kan echt anders'. Hy lit sjen dat in mienskip sterker wurdt as minsken har mei-inoar ferbûn fiele. Net elk foar himsels, mar mei-inoar. Dy ferbûnens hat in soad wearde, mar stiet ek ûnder druk. It is foar de jongerein dreech om in hûs te finen, se lûke soms fuort. Alderen kinne net trochstreame nei in lytser hûs en hawwe guon tiden minder minsken om har hinne. Ferienings sykje frijwilligers. Dat rekket my. Want as dy ferbannen swakker wurde, rekket dat ús allegear. Dan wurdt dat iene leuke toernoai net mear op tou set, of driget it doarpshûs te ferdwinen.

Ik leau dat elts minske telt. Net om watst dochst of fertsjinnest, mar om wa'tst bist. Dêrom wol ik in gemeente dy't tichteby stiet. In gemeente dy't lústeret, helpt as it nedich is en dy't romte jout oan inisjativen fan ynwenners en ferienings. Gjinn oerheid dy't alles oernimt, mar ien dy't stipet en fertrouwen jout.

Dat is de oertsjûging wêrmei't ik listlûker fan CDA Waadhoeke bin. Us wearden – soargje foar elkoar, ferantwurdlikens diele en goed omgean mei wat ús tabetroud is – sjoch ik alle dagen werom yn ús doarpen en stêd. Dit ferkiezingsprogramma slút dêrby oan. It giet oer wenjen, soarch, ûnderwiis en leefberens. Mar boppe-al giet it oer mei-inoar libje.

Mei dit programma nûgje ik jo út om mei-inoar fierder te gean. Mei betrouwen yn elkoar en mei each foar de takomst fan Waadhoeke.

Mei elkoar fierder.

Marijn Kamerling, listûker CDA Waadhoeke



UNDERWIIS

Underwiis jout bern en jongerein kennis en kunde mei. Op skoalle leare se ek wa't se sels binne, hoe't se mei oaren omgeane en wat harren bydrage oan de mienskip wêze kin. CDA Waadhoeke fynt it belangryk dat alle bern yn Waadhoeke tagong hawwe ta kwalitatyf goed en ynklusyf ûnderwiis. Dat ûnderwiis moat plakfine yn gebouwen dy't eigentiidsk binne: fleksibel te brûken en duorsum yn enerzjyferbrûk.

Wy soargje foar in goede brêge tusken skoalle en wurk, troch yntinsive gearwurking mei bedriuwen en skoallen. Dêrmei jouwe we de jongerein sicht op wurk en drage we by oan in goed funksjonearjende lokale ekonomy, wêryn't krapte oan minsken sa lyts mooglik bliuwt.

SPORT

Sport is goed foar ús fysike en mentale wolwêzen en ferbynt ús mei-inoar. Dêrom wol CDA Waadhoeke sporten foar eltsenien tagonklik en oantreklik meitsje. We dogge dat ûnder oare mei it Sportpaspoort, dat bern ynsjoch jout yn harren feardigens om te bewegen en harren motivaasje. We wreidzje ek de Sport- & Kultuerfûnsen út, sawol foar de jongerein as foar de folwoeksenen. Fierder soargje we derfoar dat de iepenbiere romte útnûget ta bewegen, bygelyks mei goede kuier- en fytspaden en oantreklike sport- en boartersfoarsjennings yn 'e buert.

Sportfjilden ferfange we 1-op-1, mei maatwurk. By ferfangning en ûnderhâld fan sportfjilden en sportakkommodaasjes soargje we foar ferduorsuming.

TAAL & KULTUER

Taal en kultuer binne de kearn fan ús wêzen. Dêrom binne we dêr sunich op. By de takomstbestindige trochûntwikkeling fan De Koornbeurs binne ús spearpunten: kulturele wearde, gearwurking en finansjele helberens. We stimulearje brede gearwurking tusken kulturele ynstellings en stypje amateurferienings en organisaasjes foar stêds- en streektalen. Dêrneist jouwe we stipe oan projekten dy't derfoar soargje dat de oargels yn Waadhoeke bespile bliuwe.

LEEFBERENS

In fearkrêftige mienskip meitsje we mei-inoar. CDA Waadhoeke stipet besteande foarsjennings en inisjativen dy't de mienskip fuortsterkje. We fine it wichtich dat elk doarp of eltse wyk in eigen meetingsplak hâldt en jouwe ekstra omtinken oan it ûnderhâld fan doarpsparken. We soargje foar mear jild foar de doarps- en wykfûnsen, wêrmei't ynwenners yn harren leefomjouwing ynfestearje kinne. We jouwe mei klam omtinken oan de mooglikheid foar bewenners om sels it behear fan foarsjennings oer te nimmen ('Right to Challenge').

Yn it ramt fan in plesierige en oantreklike leefomjouwing ynfestearje we ek yn edukaasjeprojekten op skoallen oer biodiversiteit. En we meitsje wurk fan in lettere treinferbining yn it wykein.

SOARCH EN WOLWEZEN

De âlderein wennet langer thús. It is belangryk dat minsken dêrby de stipe en as it nedich is de soarch krije dêr't se ferlet fan hawwe. Dat giet fan in kursus falprevinsje of thússoarch oant deibesteging of respytsoarch foar mantelsoargers. CDA Waadhoeke fynt it belangryk dat de gemeente dy stipe mooglik makket. We sjogge mei in kritysk each nei it tal aanbieders yn de thússoarch: kin it oersichtliker en doelmjittiger? By de stipe foar mantelsoargers ha we spesifyk each foar jonge mantelsoargers.

Ek húshâldings en bern hawwe guon tiden in steuntsje yn 'e rêch nedich om goed meidwaan te kinnen yn de mienskip. Dêrom wreidzje wy it Kindpakket út en soargje we dat enerzjycoaches ynwenners helpe kinne by bygelyks enerzjybesparring of it oanfreegjen fan subsidyzjes foar enerzjybesparjende maatregels. Om mei te dwaan, is it ek wichtich om lêze en skriuwe te kinnen. CDA Waadhoeke jout rom stipe, ek finansjeel, oan inisjativen foar minsken dy't har (digitaal) net goed rêde kinne.

Wy fine it wichtich dat sa folle mooglik minsken oan it wurk binne. Dêrom jouwe we aktive help oan wurkjouwers dy't minsken mei ferlet fan stipe oannimme. Yn de opfang fan flechtlingen kieze we foar gastfrijens en rjochtfeardigens. Kwaliteit, feilichheid en goede begelieding steane sintraal, sawol foar flechtlingen as foar de omwenjenden fan opfanglokaasjes.

WENJE

Der is in grut ferlet fan huzen, ek yn ús gemeente. CDA Waadhoeke set him der flink foar yn dat der betelbere en passende wenningen komme, yn de wittenskip dat dy útdaging yngewikkeld is. We sette yn op aktyf grûnbelied, wêrby't de gemeente sels eigner en/of ûntwikkelder is fan de bougrûn.

In grutter wenningoanbod krije we it gaust as we dat lytsskalich oanpakke: in 'strijtsje derby' foar elts doarp of eltse wyk. Flekswenningen kinne op de koarte termyn ek ferlichting jaan. By tydlike bewenning geane we foar wenfergunnings dy't minimaal 15 jier jilde. Sa'n langere perioade jout rêst en dúdlikheid en draacht serieuus by oan in oplossing foar it wenningtekoart.

CDA Waadhoeke wol it fierder makliker meitsje om in eigen inisjatyf te nimmen, lykas wenningsplitsing of it bybouwen fan in hûs op it eigen hiem.

WURKJE & MOBILITEIT

Lokale ûndernimmers binne it klopjende hert fan ús ekonomy. We wolle harren mear kânsen jaan by gemeentlike oanbestegings. We wolle ek soargje foar minder regels. Starters, kreative makkers en sirkulêre inisjativen biede we romte yn bygelyks leechsteande skoalgebouwen. Undernimmers dy't oan beskate seizoenen bûn binne, kinne hjir ek terjochte.

Om de jongerein oan de regio te binen én de lokale ekonomy fuort te sterkjen, sette we in banebeurs op. Dêr kinne bedriuwen en (mbû-)studinten inoar fine. Foar ekonomyske fitaliteit en leefberens is goede berikberheid en mobiliteit ek belangryk. CDA Waadhoeke wol skeakels dy't misse yn it fytspadenetwurk opfulle, lykas de Gernierswei. Wêr't it nedich is, soargje we foar in opwurdearring fan besteande fyts- en kuierpaden. Tink bygelyks oan Skalsum-Boer, Winaam-Seisbierrum en 't Laaisterpadsy. We meitsje ús ek hurd foar tagonklik en effektyf iepenbier ferfier yn de hiele gemeente.

We kieze foar doelmjittich ûnderhâld fan diken, paden en farrûtes, dat op tiid dien wurdt. Oan it bermûnderhâld jouwe we in ekstra slinger, mei it each op de ferkearsfeiligens. Underhâld dêr't we oer neitocht hawwe, kombinearje we mei it fergrutsjen fan de biodiversiteit. Yn en om Frjentsjer ynvestearje we yn mear ferkearsfeilichheid troch swier ferkear safolle mooglik út it sintrum wei te hâlden. We herstruktuerje de ynfastruktuer yn en om Frjentsjer foar bettere berikberens én mear grien.

LANSKIP & LANBOU

Lânbou is belangryk foar ús ekonomy en leefberens. CDA Waadhoeke wol mei boeren wurkje oan in takomst foar it buorkjen, mei romte foar fernijing, ferduorsuming en gearwurking. Lânbou en natuer kinne elkoar fersterkje. Fia ûnder oare Agrarisch Collectief Waadrâne en Westergo wurkje wy yn 'e mande mei boeren oan it behâld fan greidefûgels en it befoarderjen fan 'e biodiversiteit.

By grutte projekten lykas de dykfersterking tusken Koehoal en it Lauwersmar, soargje we foar goede ynspraakmooglikheden en belied dat droegen wurdt. CDA Waadhoeke set him der foar yn dat de ynfloed fan it Waadgebiet as Natura 2000-gebiet bûtendyks bliuwt. Dêrneist meitsje we belied tsjin leechstân en it fertutearzjen fan frijkommende boerepleatsen.

DUORSUMENS & SIRKULERENS

Duorsum belied is in saak fan rintmasterskip: wy wolle in sûne ierde trochjaan oan kommende generaasjes. Dêr heart by dat wy grûnstoffen hieltyd opnij brûke: sirkulêrens. CDA Waadhoeke stimulearret bedriuwen en organisaasjes by sirkulêre oplossingen. As it nedich is, jouwe we dêr subsidzje foar.

By de nijbou fan wenningen nimme we as it in bytsje kin, klimaatadaptive maatregels, lykas wadi's. Dat binne grippels dêr't ekstreme reinbuien tydlik yn opfongen wurde kinne. We wolle ynnovative oplossings foar waarmtefoarsjennings ferkenne, ek yn 'e mande mei ynwenners. De gemeente bliuwt dêrby oan it stjoer, fanút de ferantwurdlikheid om waarmte te leverjen.

We sjogge ek nei mooglikheden foar nije doarpsmûnen. Dy drage by oan de enerzjytransysje en oan de sosjale gearhing. Ut dy selde gedachte wei stypje wy lokale enerzjykoöperaasjes en inisjativen foar lokale enerzjy-opslach. Sinne-enerzjy kin ek op ús stipe rekkenje, mar dat mei net ten koste gean fan lanbougrûn. We binne tsjin grutskalige sinneparken op fruchtbere lânbougrûn. Yn pleats dêrfan sjogge we nei mooglikheden foar in lytsskalige kearnreaktor ('Small Modular Reactor', SMR), dy't enerzjy en restwaarmte leveret.

Grûn dy't op it iene plak yn de gemeente ôfgroeven is, moat beskikber bliuwe foar oare plakken dêr't boud wurde sil. Dat jout fleksibiliteit en makket risiko's lykas priisstiging en beheinde beskikberens, lytser. CDA Waadhoeke is dêrom foarstanner fan eigen grûnposysjes foar de opslach fan (bou)grûn.

Krekt as mei enerzjy moatte we ek duorsum omgean mei wetter. CDA Waadhoeke makket dêrom subsydzjes mooglik foar wetterbesparjende maatregels dy't ynwenners, bedriuwen of (sport)ferienings nimme.

CDA Waadhoeke makket him soargen oer it trochgeande sakjen fan de boaium, dy't de ekonomyske krêft en de leefberens fan ús gemeente oantaastet. Mei boeren, bewenners en oerheden wolle we ynsette op in lykwichtige oanpak, rjochte op feiligens en it behâld fan ús lânskip.

TOERISME

Us gemeente hat toeristen in soad moais te bieden. CDA Waadhoeke wol it toeristyske aanbod noch better ûnder de oandacht bringe, nasjonaal en ynternasjonaal. We wolle ek fyts-, kuier- en farrûtes keppelje oan it Planetarium as UNESCO Werelderfgoed, mar ek oan keunst, (kultuer)histoarje en streekprodukten. Boppedat wolle we it besteande toeristyske aanbod útwreidzje.

Sa wurdt it foar toeristen oantrekliker om langer te bliuwen. Foar de húsfêsting sette we yn op lytsskalige akkommodaasjes en kamperplakken. We wolle de toeristebelesting werom streamme litte nei de sektor sels, dy't dêr sterker fan wurde kin.

FINANSJES

CDA Waadhoeke stiet foar deeglik finansjeel belied. Us ambysjes passe by wat finansjeel helber is. We ynvestearje yn mienskip, leefberens, feilichheid en yn de takomstbestindichheid fan ús gemeente. We litte ynwenners sjen wêr't harren belestingjild hinne giet, mei heldere ynformaasje oer keuzes en útjeftes. Dêrmei fersterkje we it betrouwen yn de gemeente.

TSJINSTFERLIENING

Wy steane foar in tsjinstbere gemeente, dy't lústeret, meitinkt en hannelet yn it belang fan ynwenners. Kommunikaasje is helder: de gemeente seit wat se docht en docht wat se seit. Digitale tsjinstferliening giet hân yn hân mei persoanlik kontakt.

By it meitsjen fan beleid giet CDA Waadhoeke aloan yn petear mei de ynwenners oer echte oplossings foar echte problemen. We freegje dêrby ek de ynset fan dejinge mei wa't we yn petear binne.

Waadhoeke hat al in berneboargemaster en in jongereinried. CDA Waadhoeke foeget dêr in âldereinried oan ta, om ek de âldere generaasje in folweardich plak oan tafel te jaan.

IEPENBIERE OARDER EN FEILIGENS

IEltsenien wol him feilich fiele yn de eigen wenomjouwing. In doelmjittige ynset fan plysje en Boa's is foar CDA Waadhoeke ien fan de prioriteiten yn it gemeentlik belied. Dêrmei soargje we foar leefberens, ferkearsfeilichheid en geane we oerlêst tsjin. We stypje dêrneist inisjativen as Buurt WhatsApp-groepen en oare foarmen fan buertprevinsje.

Foar ûndermining en organisearre kriminaliteit is gjin plak yn Waadhoeke. Yn 'e mande mei ûnder oare plysje en jústysje trede we dêr hurd tsjin op.